

Liturgy fjirde snein nei Peaske

21 april 2024



Tema: Hillich....

Foargonger: Mefrou P. Boonstra, Burgum
Oargelist : Mefrou A. Renkema, Surhuisterveen.

Wolkom

Sjonge: Kearseliet 277

Jo dy't foar it ljocht ús makke ha dat wy libje,
sprek ljocht, wês hjir oanwêzich yn jo namme:
Ik sil der wêze.

Yntreeliet: 8a : 1, 3, 5 en 6

1. O Hear, ús Hear, hoe hearlik is
jo namme yn alle heugenis.
De hiele wrâld oer klinkt jo rom.
De himel ropt jo gloarje om.
3. Sjoch ik de stjerren yn 'e nacht,
jo himelhege skeppingspracht,
Wat kinn' Jo yn in minske sjen?
Hoe acht jaan op in minskebern?
5. De fisken, fûgels, skiep en kij,
sy bûge foar syn hearskippij.
De bisten binne ien foar ien
him hearrich yn 'e mjitte gien.
6. O Hear, ús Hear, hoe hearlik is
jo namme yn alle heugenis.
De hiele wrâld oer is rûnom
It minskebern, jo gloarje en rom.

Opmoediging en Groet

Sjonge Liet : 657 : 1, 2 en 4

1. Fan Jo ha wy ûntfongen
–sa hawwe Jo ús tocht–
de jefte om te sjongen
fan wat jo leafde docht:
de iene minske is de oare
ornearre as geskink,
sadat yn ús akkoarden
ús tank oan Jo wjerklint.
2. Al kin ik sels net sjonge
omdat it my beset.
it liet op oare tongen
seit: God ferjit dy net!
Troch azemneed befongen,
of troch fertriet soms stil:
jo liet fan langst te sjongen
hat my nei 't ljocht ta tild.
4. Us liet wurdt altyd droegen
troch hoop dy't freze oerwint
it komt de eangst te boppe
om 't libben dat ferrint.
It sjongt fan fiere fierten,
– jo geastkrêft trunet ús oan –
en skielk sil 't sûnder mjitte
ek klinke foar jo troan.

Kyrië Gebed

Glorialied 909 : 1 en 3

1. Wat God docht, dat is inkeld goed, syn wil is wiis en hillich.
As Hy my op syn paden stjoert,
gean ik myn wei reewillich.
Yn need is Hy / my trou neibei,
Ja, Hy, de heechste Heare,
sil ivich wiis regearje.
3. Wat God docht, dat is inkeld goed,
dat hâld ik yn betinken.
Hy helpt my, jout my nije moed,
al soe de dea ek winke.
As Hy der is, / dan kin ik wis
it tsjuster wol ferneare:
myn ljocht is God, de Heare!

Gebed foar iepening fan 'e Skrift

Lêze: Exodus: 3: 1- 14

Tinzen oer it ferhaal gean litte.....

Momint fan stilte

Sjonge Liet 71: 1 en 9

1. By Jo sykje ik myn taflecht, Heare.
Myn Helper binne Jo,
och jou my útkomst no
en lit my net ta skande keare,
Ferlosser, wol my hearre!
Moat ik hjir iensum stjerre?
9. 'k Sjoch himelheech jo trou oprizen.
Ik meld it neigeslacht
jo sterkte en jo macht.
Wat minske kin jo geunstbewizen
nei wearde ûndersykje?
Wa kin Jo oait belykje?

Lêze: Matteus 5 : 1- 12

Tinzen oer de sillichprizingen gean litte.....

Momint van stilte

Sjonge Liet : 687 : 1,2 en 3

1. Wy libje fan de wyn
dy't oankomt fan omhegen,
dy't giet troch 't hiele hûs
dêr't minsken nei him freegje,
dy't troch-kringt yn it hert,
yn it ferhoalen hôf
en útbrekt yn in liet
dat opsticht ta Gods lof.
2. Wy diele yn it fjoer
dat delstrykt op 'e hollen,
dy ljochte fonkerein,
op har dy't leauwe wolle.
Fjoerfûgel fan de floed,
do boppe de Jordaen,
fersterkje yn ús de gloed
om fjoer oan 't feest te jaan.
3. Wy tarre op it wurd,
it brea dat God ús jûn hat,
en diele it rûnom út
oant elk nij libben fûn hat.
Ferswij dit boadskip net,
mar strui mei golle hân
dit manna foar elks hert
dit brea foar alle lân.

**Tank en Foarbea, stille en dêrnei
sjonge : God fan fier en hein ús Heit**

I God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hil - lig - je jo nam - me,
ûn - der ús sa faak ûnt - wijd,
troch jo ei - gen bern be - skam - me.

- | | |
|---|--|
| <p>2. Bûch de folken nei jo wet, lit jo ryk op ierde komme. Byn jo wil ús op it hert en wy sykhelje ferromme.</p> | <p>3. Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou wat wy misdiene, sa't ek wy ferjûn ha, Hear, al dy't skuldich foar ús stiene</p> |
| <p>4. Lit oer ús gjin neare nacht, lied ús net yn blyn begearen. Binne wy yn duvels macht, Hear, ferlos ús fan 'e kweade.</p> | <p>5. God fan fier en hein ús Heit, wûnder heimnis is jo namme, grut yn krêft en hearlikheid, oant yn alle tiden. Amen</p> |

Slotliet 416 1, 2, 3 en 4

- | | |
|--|---|
| <p>1. Hear, wês mei ús oant in oare kear, Wol oant wersjen oer ús weitsje, lit gjin kwea ús rigen reitsje, Hear, wês mei ús oant in oare kear.</p> | <p>2. Hear, wês mei ús oant in oare kear, wol ús mei jo wjukken hoedzje, stypje as de stoarmen woedzje. Hear, wês mei ús oant in oare kear.</p> |
| <p>3. Hear, wês mei ús oant in oare kear, wol de wegen foar ús sljochtsje, ús net nei ús sunden rjochtsje, Hear, wês mei ús oant in oare kear.</p> | <p>4. Hear, wês mei ús oant in oare kear, as wy wurch en warleas binne, lit tús dan troch Jo oerwinne. Hear, wêsmei ús oant in oare kear.</p> |

Seine